Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXIV, nûmer 3 septimber 2015 ISSN 2352-8958

De betinkers by it Ids Willemsma-timpeltsje

Snipers

1 Útsjoch

In kofjedrinker op in reinige moandeitemoarn.

`Ha jim justerjûn *Zomergasten* sjoen? Geweldich. Wy ha ús gjin momint ferfeeld, hongen oan syn lippen. Yn ien wurd, ge-wél-dich.' De sprekker wie in ûnfertochte Frysk strider (oars kaam er hjir ek net oan it wurd), syn aktiviteiten binne mannichfâldich en fine foaral plak yn Warkum e.o. De bejubele gast wie Adriaan Geuze, ôfkomstich út Dordrecht, in pylgerplakje op himsels yn it lânskip fan de grutte rivieren. De man is lânskips- en stedsarsjitekt. Ik haw it programma net besjoen of -harke, haw út de neamde en oare reaksjes begrepen, dat benammen syn argewaasje oer it bedjerren fan it lânskip de lju oansprekt. It liket in ûnderwerp dat geandewei yn bredere en rommere fermiddens it omtinken freget.

Sjoernalist Geart Mak hat mei syn Jorwert-boek út ein 20ste iuw my nea dúdlik meitsje kinnen wat der einliks it nijs fan wie. Dat de godstsjinst yn it neffens ús `frijsinnige' Jorwert nea net heech yn oansjen stie, wie gjin nijs. Dat it plattelân ûntfolke, wie foar elts mei in bytsje each om 1960 al bekend , bgl. út de jierren fan de eigen jonkheid en dêrnei. Sa'n tachtich ynwenners yn it doarp, dat bestie út in tolftal behindige huzen dêr't de daksgoate fan kwealik boppe jins kin útkaam. Twa winkellju heuge my, plus in slachter, smid, ferver, timmerman en in arbeider mei in komelker anneks skieppehanneler oan de ein. It al lang útstoarne berop fan de lêste is noch treffend besongen yn in gedicht fan Posthuma út *De Trynwâlden*. Fergeat ik noch de bakker. De measten mei grutte húshâldings. Yn elts hûs suver in nearing. Op it lofterrychje stie noch in nederich rinteniershúske, dan is alles oan dy kant, de súdlike, neamd. Derefter rûn in hast tichtgroeide sleat, dêr't de bewenners fan de huzen, eins krotten, alles yn falle lieten wat se kwyt woene en koene. Dy feart foarme de noardlike begrinzing fan wat yn myn bernejierren noch neamd waard *it marlân*, ienris de *Moarramar* (mei in nammegenoat yn it uterste súdwesten fan de provinsje oant no ta). Rjochts, de noardkant, begûn en begjint mei it tsjerkhôf en de tsjerke mei de stompe toer, ienris grien yn it klimmerblêd. Folge de tsjerkepleats, in frijsteand arbeidershûs en twa wenten: nederich, nederich, nederich ...

Ir. Ekke Atsma, op 1 augustus l.l. begroeven yn *De Gaastmer*, hat jierrenlang syn brieven omstjoerd nei û.o. de mannichte bewenners fan de rekreaasjehuzen yn dat plak en dêryn in kear presys en dokumintearre werjûn hoe't dat doarp fan minimale omfang nei de oarloch al syn winkellju ensfh. kwyt rekke - yn in tiidrek fan in pear jier. Dat doarp hie behalven al syn nearingdwaanden ek noch twa skoallen en twa tsjerkjes. Ien skoalle en tsjerke besteane noch, sels is der noch in eigen dominy, (mei) betelle út fûnsen fan rekreaasjewenten, nei de oarloch opset troch ds. J. Brúnsma. Ik woe mar sizze, G. Mak sei foar elts mei in bytsje kennis oer de doarpen en ûntfolking fan it Fryske plattelân neat nijs. It ferhaal oer de godstsjinst doocht ek al net. Hjoed-de-dei fynt men sûnt inkele jierren yn Jorwert in foech kleaster yn opbou. It leauwe hat yn Jorwert nea wakker libbe mar is, oarsom, de lêste jierren krekt ta libben kommen. Fansels, dat koe Mak net witte doe't er syn fraachpetearen hold. Binne syn eagen sûnt better?
It boppesteande fertsjinnet oanfolling. Net ferswijd wurde mei, dat it útsjoch op de doarpen hjoed-de-dei ûnwittend folle moaier is as doe, de tiid foar de ûntfolking en de skaalfergrutting yn it buorkjen. De huzen binne stik foar stik yn kreaze wennings feroare, krotten hawwe se sloopt, leaver restaurearre. In wûnder. It útsjoch fan de doarpssintra fan doe kin lang net út tsjin dy fan no, as se teminsten de eigen foarm min of mear beholden hawwe. It útsjoch op de romte om de kearnen hinne, it eigentlike plattelân, is in hiel oar ferhaal. Dat stiet faai, is fierhinne net werom te draaien en net te kearen oantaast en it wurdt, as wy net oppasse, allinnich mar slimmer.
`In oare kear mear', sa't E. B. Folkertsma earder yn syn kollum yn *De Stim* sei. Dan folge in lange rige artikels, like moai yn syn ienfâld en suverens fan taal as wiidweidich en nederich fan motivearring.

2 Fryske les

Yn it *Friesch Dagblad* fan 5 aug. l.l. in koart ferhaal, kreas yn it pak, fet printe en al. Ûnderoan in rychje wurden, lofts de Fryske ferzje en rjochts de Hollânske:

fansels	*natuurlijk*
krite	*omgeving*
fergees	*gratis*
kaai	*sleutel*
tar	*teer*

It is fansels (`natuurlijk') net daliks dúdlik wat de skriuwer mei it rychje foar hat. Ynearsten tocht ik, spesjale, slimme, frjemde wurden útlizze. Letter like it oars. De útsochte wurden binne ommers stik foar stik te simpel, te algemien gongber om frjemd te hjitten en apart te behanneljen. It moast hjir gean om in soarte fan Fryske les yn it algemien. It is op 't lêst Frysk, dus gau te slim, te bot, tuike-tuike oan. Tink ris ta, de dosint hat him/har grouwélich fersind en tocht, de Fryske les soe te ferlykjen wêze mei in les yn it Hollânsk. Dat woe de lesjouwer fan it rychje wurden grif net. Stel de les hat tefolle fan de learling ferge, hy/sy koe it net oan en is deryn bleaun. It earste slachtoffer fan Fryske les, stoarn yn in kursus Frysk, foar Fryslân it libben jûn. Wa wie ek sa snoad en pak it sa bot oan. Eigen skuld, tefolle fan de learling frege. En seit it ferhaal, bleau it der mar by; der leine mear efter de pûst yn de banken; dosinten of learlingen seit it ferhaal net.
Kultuer by it teeleppeltsjefol, sei de Boalserter Piter Yedema yn de jierren '70. Hiel foarsichtich, lytse bytsjes, oppasse foar tefolle, net te lang, net te dreech. Ek mei de dosint kin it net it measte lije, miskien mear mei him as syn learlingen. Sjoen it listke hat men se eins beide te heech, te yntelligint. Men moat se as licht, swak fan holle besjen, as net goed wiis ...

g. abma

Yn dit nûmer de wenstige bydragen fan Gerben Abma, Sytze T. Hiemstra – diskear mei Froukje de Vries –, Bertus J. Postma, Ed Knotter en Rommert Tjeerdsma. Fan Wolter Jetten in bydrage oer de *bodderstocht*, fan Kerst Huisman it tredde part fan it artikel oer Frysktalige eksonimen en syn taspraak by de *Opstalsbeam*. En fan Anton van der Ploeg in ferslach fan de *Friezemoeting* op Hilgelân.

By de foarside:

It 'timpeltsje op 'e seedyk' fan Ids Willemsma by Marrum (Noarderleech) mei it sicht op It Amelân.

– Baukje Tsjerkje de Jong –

moarn

ik wol gau sliepe
hwant moarn sil ik dwaen
hwat ik juster ek al soe

mar as ik wekker wurd
is it noch mar hjoed
en forwachtsje ik alles wer fan moarn

Út: *Leafde in wurd* (Boalsert/Ljouwert: Osinga/Friesch Dagblad, 1977)

– Eeltsje Hettinga (1955) –

Hoar bûcht it lûd fan
de koekoek de petgatten oer.

Roeiriemen swaaie oer leeljes,
kroas en kikkertsaaien,
skaadzje, ûnder wetter,
tiid syn slaggen.

Fisker yn 'e djipswâl
sit ik en skôgje sûnder sizzen
tusken smelle wylgen
mysels as roeier
yn in wyt krysantene sinne.

Der is in tinken, stiller as
yn de fierste útoarden
fan de wyn dy't blau is, of
is it de wyn dy't gewoanwei,
net mear en net minder,
himsels de wyn is?

Út: *Ikader* (Blauhûs: Gerben Rypma Stifting, 2012)

Twa fersen, twa dichters. Set se ûnder elkoar en sjoch it ferskil. Beide binne se nochal beskriuwend, mar de wize wêrop ferskilt. Frou De Jong is anekdoatysk, in grapke, mar dochs wol raak en werom te kennen. Hoe faak fergiet it jin net as hjir beskreaun, en dan sa koart en alles yn ien kear. Fan de dichteresse Baukje Tsjerkje is my fierders neat bekend, de namme klinkt net útwrydsk, mar tige eigen. Dêrop wol men fansels net har fersen hifkje.
Eeltsje Hettinga (yndie 'broer fan') hat mear wyn yn 'e swipe. De ienfâld is foarby, de sljochte mar rake libbensles, it persoanlike, ek. Sa direkt en streekrjocht as by Baukje Tsjerkje de Jong hoecht it net, mar sa ôfwêzich en fier fuort ... Is de dichter der mei de holle wol altyd by of is er soms ek (elektrysk) oan it fytsen, foar de wyn, net of amper traapjend. In ferbining as 'krysantene sinne' jout my argewaasje en wat is in *blauwe* wyn? Lykwols, der giet it nedige yn de bondel om. It earste wurd 'hoar' past moai by de petgatten, de romte, de flakte, de suggerearre fierte en it lûd fan de koekoek. Wat docht dan yn de goedichheid 'bûcht' derby?
De fersen ferskille, binne suver elkoars tsjinstelde, om net te sizzen spegelbyld: de iene persoanlik, neamt aloan it 'ik'; de oare ferswijt it almeast, jout de yndruk grutte, swiere wurden opinoar te steapeljen, mei faak net de measte betsjutting op harsels en yn ûnderling ferbân. Fansels, in gedicht hoecht anno 2015 net daliks en direkt begryplik te wêzen. Mear fan it 'ik' fan de dichter, de persoanlike toets, de yndividuele útwurking, hie yn dizze bondel bêst lije kinnen en net misstien. Teminsten foar dizze lêzer.

Dizze bondel is in útjefte fan de *Gerben Rypma Stifting*. Neamd nei dichter, skilder en boere-arbeider Gerben Rypma (1868-1963), dy't yn de earste helte fan de foarige iuw libbe en wenne oan de Aldegeaster Brekken yn de Súdwesthoeke. Sûnt 1999 hawwe in ploechje lju út Warkum en omkriten aktiviteiten om Gerben Rypma opset en dêrta yn 2001 de *Gerben Rypma Stifting* oprjochte. Doel is it neilitten wurk yn de foarm fan gedichten en skilderderwurk yn stân te hâlden en safolle mooglik bekend(er) te meitsjen. Sintrum is Blauhús.
It *Nijsbrief 2015* jout foar de aktiviteiten yn 2015 bygelyks de Gerben Rypma-*tentoanstelling* yn *Tresoar*, de stifting fan de (twadde) Gerben Rypma-*keamer* yn it Blauhúster kafee *De Freonskip*, de Gerben Rypma-*kuiertocht* yn it nije natoergebiet yn *It Heidenskip*, oprjochting fan de útjouwerij *De Ryp* (mei bgl. de útjefte fan de nije dichtbondel fan Abe de Vries, *Brek dyn Klank*, 2015) en sa mear.

De haadsamler

*Feriene om de Opstalsbeam hinne**

Kerst Huisman

Kerst Huisman op 'e tekst en Arno Ulrichs (mei Fryske strik) foaroan yn it omsteand laach (foto: S.T. Hiemstra)

Froulju en manlju,
Dit wurdt in fertelling sûnder hope.
Mar!
Dit wurdt in fertelling fol hope.

Dit is dio aerste secke. Jefter enigh landishera wille enich seland scada dwan jefta scanda, se hith biscop jefta grewa, dat wi se allemene in da rede and in der dede mit liwe and mit guede were den frydoem to biscyrmen.

Dit is de earste saak. As hokfoar lânshear ek, itsij biskop of greve, hokfoar oar seelân ek skea of skande oandwaan wolle soe, dat wy harren dan mienskiplik mei rie en mei die, mei liif en mei goed, ôfwarre sille om de frijheid te beskermjen.

Dy wurden waarden hjir krekt op dit plak, sein en skreaun op 17 septimber 1323. It is de earste kêst út de Wilkerran fan de **Opstalsbeam**.

It is lang lyn. Dochs, bêste minsken, de *Opstalsbeam* libbet. Krekter sein: it idee fan de *Opstalsbeam* libbet. Dat lit him yllustrearje oan it folgjende. Yn 2006 hat de bekende publisist Geert Mak in ynspirearjende foardracht holden. Dat wie yn it Oranjewâld by de Opstalsgearkomste fan de Fryslânbank. Dus in moderne, mar ûndertusken spitigernôch fallyt rekke finansjele ynstelling, dy´t de âlde Opstalsbeamtradysje oangrypt hie om takomstperspektiven te skilderjen. De titel fan de foardracht wie: **Trije ferliedings ûnder de Opstalsbeam**.

Trije ferliedings dus.

Foarst: **hoedzje** wy ús foar *nostalgy*, omdat wy echt yn in oare tiid libje as noch mar 20 jier lyn. Mar lit ús tagelyk ús ferline respektearje. Ús talen, ús kultuer en lânskippen. By de te ferdigenjen kwaliteiten hearre ek de rest en it eigen aard fan de Fryslannen. Mar likegoed de âlde kultuer en moderne ynnovaasje en fleksibiliteit.

Twad: **hoedzje** wy ús ek foar *cargo-cult* en *fassadebou*, lykas bygelyks yn Fryslân enoarme en praktysk lege bedriuwsterreinen, of bygelyks droktemakker-arsjitektuer mei allinnich mar symboalyske wearde dy't de skyn opropt dat jo tichter by in metropoal komme, wylst dy yn de werklikheid mar in lytse en freonlike provinsjehaadstêd is.

Tred: **hoedzje** wy ús ek foar *technyske yngrepen*, dêr't de lju fan tinke dat dan alle problemen fansels oplost wurde. Te tinken falt oan grutte projekten

lykas it Suderseespoar en de magneettrein, dêr't it mar om in tiidwinst fan amper fiif of tsien minuten giet.

Der wurdt fakentiids sein dat de âlde idealen fan de Fryske frijheid net mear realistysk binne. Want wy libje dochs yn in frije wrâld, en ús frijheid is folle grutter as dy fan de midsiuwske Friezen by de *Opstalsbeam*. Mar sok tinken wie sterk beynfloede troch de status kwo, dy't yn 1945 befochten wie.

Fannijs binne der bedrigings fan de frijheid, net allinnich fan bûten mar ek fan binnen út. Yn myn *Oll' Mai*-foardracht yn 2012 foar de 'Ostfriesische Landschaft' haw ik oantsjutten dat it âlde Fryske frijheidsidee aktualisearre wurde kin troch ús oan te sluten by ûnôfhinklike media en frijbûtsers op it ynternet. Wêrom foarmje wy gjin Fryske hekkerbrigaden, haw ik dêr oan de gearkomste útsteld, net ûnder algemiene ynstimming fan alle oanwêzigen, moat ik sizze. Mar dat wie foar de ôfharkskandalen mei de Amerikanen yn Dútslân. Faaks is der dêrom no romte foar fierdergeand ynsjoch.

Fryslân tusken Fly en Wezer wie yn de Midsiuwen werklik in *ferbylde* mienskip, op syn Ingelsk: *imagined community*. Oeral yn de wrâld is dat it begjin fan naasjefoarming, want 'imagined community' betsjut dat de lju tinke, dat hja in folk op himsels binne. By ús is it lykwols net ta steatsfoarming kommen, mar dêr moat by oantekene wurde, dat it net in soad skeeld hie, dat it dochs slagge wie ... Tink oan it *Traktaat fan de Sân Seelannen*, oan greve *Edzard Cirksena* en *Karel Roarda*.

Fannijs steane wy hjir hjoed wer by de **Opstalsbeam**, as Friezen, of faaks better: as Friezen yn de wat rommere betsjutting. Om mei elkoar oer te lizzen. Want wy hawwe *mienskiplike* problemen en belangen, foar in part deselde as iuwen lyn. Problemen dy't wy ek allinnich mienskiplik *oplosse* kinne. Mei de ferswakking fan de bekende nasjonale steaten komme ek de âlde midsiuwske struktueren wer ûnder it stof fan de skiednis te foarskyn. En allinnich al dêrom, sa seit Mak, hat de *Opstalsbeamnije-styl* alles om wer in weardefolle tradysje te wurden.

De *earste* mienskiplike kwestje hat te krijen mei de histoaryske ûntjouwing yn de moderne tiid. De *Fryslannen* hearre yn alle opsichten ta de bloeiende en súksesrike noardwesthoeke fan Europa. Krekt yn ús Fryske skiednis leit ek it begjin fan de moderniteit, dy't ta de bloei fan Europa late, seit de Britske histoarikus Michael Pye yn syn stúdzje *At the Edges of the World*. Mar de Fryslannen binne ek bûten de ekonomyske en politike sintra bleaun. Dat betsjut ek, dat Fryslân gjin Hollân is, want Skandinavië begjint, út Amsterdam wei sjoen, al yn Fryslân.

It *twadde* probleem is aktueel. Dat hat te krijen mei de oergong fan agraryske produksjeregio nei fakânsje- en konsumpsjegebiet. It gefaar dat dêrmei ferbûn is, is dat de provinsje redusearre wurdt ta in rekreaasjetún fan de grutte stêden, sûnder mei it plattelân mei syn eigen mooglikheden en kultuer sels rekken te hâlden.

It *tredde* probleem giet oer de neiste takomst, en dat is nei alle wierskynlikens ek de grutste útdaging, dy't hiel rêd op ús ta komt. In útdaging dy't foar moderne generaasjes op de eftergrûn rekke wie, mar dy't ús foarfaars mar al te goed koene: it wetter. Ik hoech allinnich mar de apokalyptyske beskriuwings fan oerstreamings en harren ferwoastgjende útwurking út de midsiuwske Fryske kleasterkroniken te neamen en eltsenien begrypt wat soks betsjutte kin.

Dy aktuele needsaak fynt syn oarsprong yn minsklike hannelings, dus fan ús. It driigjend omheechkommen fan de see wurdt feroarsake troch de klimaatferoaring, en dy wurdt no troch ússels teweibrocht. It is hiel oannimlik dat ús regio's, dy't – om it sa mar te sizzen – yn de 'frontliny' lizze, yn de rin fan dizze iuw wer rekken hâlde moatte mei oerstreamings. En dat is in grutte útdaging: Moatte wy bygelyks net wer earnstich tinke oan it opsmiten fan terpen?

No kinne wy soks passyf oer ús hinne komme litte en wachtsje oant de oerheid beslút om hegere en sterkere diken oan te lizzen. Technysk kin dat. Mar hoe heech en hoe sterk? Of litte wy ta dat ús bern en bernsbern twongen wurde om te ferhúzjen nei hegere regioanen, wylst har lân oan de see priisjûn wurdt? Mar dat is ús lân en harren lân, dat allinnich foar ús en foar har, wêzentlik ynteressant is, fanwegen ús emosjonele belutsenens, om ús weardefolle tradysjes.

Priisjaan oan de see, ja, dat is in oplossing dy't al, wat Grinslân oanbelanget, suggerearre is troch Hollânske politisy. Dat wie lykwols yn gearhing mei de skea, feroarsake troch de gaswinning, mar dochs ... Der binne politisy dy't sa tinke, en dat makket my erchtinkend. It probleem is lykwols net sa ienfâldich en de bedrigings binne folle grutter. De klimaatferoaring mei net ûnbehindere fierder gean.

Der binne minsken, dy't sizze fan: 'No en ...? Dan wurde *Skylge, Boarkum* of *Söl* mar in nije

Europeeske Costa Brava.' Mar dat is fansels kleare-bare fantasterij. Dat is yn de gaos dy't dan oer Europa komt – tink oan miljoenen klimaatflechtlingen, net allinnich út Afrika, mar ek út it yn in woastine feroarjende Súd-Europa – ûnferantwurdlik yllúzjetinken. Dat is folslein ûnrealistysk.

As de globale temperatuer heger wurdt as 2 graden, ferlike mei de sitewaasje foar it begjin fan de yndustriële revolúsje, is der gjin weromwei mear. Dan begjint in proses dat fanwegen kumulative faktoaren ûnomkearber is. By in fierdere opwaarming fan de atmosfear barst it metaan út de Sibearyske permafrost en as it noch fierder giet – en dat giet it – ek út de oseanen, dan binne wy net mear te rêden. Dat betsjut foar miljarden minsken, hjir ek, de dea.

Wy belibje op dit stuit net allinnich in finansjeel-ekonomyske krisis, mar ek wat it klimaat oanbelanget, binne wy yn in fûnemintele krisis bedarre. Dat hat allegearre te krijen mei de weach fan merkfûnemintalisme, dy't sûnt Ronald Reagan en Margaret Thatcher oer de wrâld gien is.

Dat proses wurdt like treflik as spannend beskreaun troch *Naomi Klein*. Klein, de Kanadeeske sjoernaliste en ikoan fan de globalisearringskrityske beweging, bekend wurden mei har bestseller *The Shock Doctrine* (2007), hat ein ferline jier in nij boek publisearre. In yngreven dokumintearre boek: *This changes everything: Capitalism versus the Climate*, no ek yn it Hollânsk oerset: *No time. Verander nu, voor het klimaat alles verandert*. Klein stelt, dat in súksesfolle beskerming fan it klimaat ûnmooglik is sûnder in yngeande feroaring fan it ekonomyske systeem, en dat de striid foar it klimaat deselde is as dy foar wurknimmersrjochten en in oarderlik funksjonearjende steat.

Echte klimaatpolityk soe ta in grutskalige werferdieling en de ein fan it kapitalisme lykas it no funksjonearret, fiere moatte. Mar troch it ûntbrekken dêrfan is der mei it klimaat gjin foarútgong boekt. Foar Naomi Klein is it dúdlik: in ekonomy dy't net rjochte is op it brutaalwei foar eltse priis winnen fan de grûnstoffen, en net noch krekt de lêste oalje út de djipsee of de Poalsee parset, moat wer foar minsken yn stee foar winsten omfoarme wurde. Hy heart oerheden te hawwen dy't net troch grutte skinkings fan de yndustry korrumpearre binne. En hy hat ferlet fan in befolking dy't op iepenbiere skoallen en mei tank oan in algemiene sykte- en earmoedfersekering leart om net mear eangst foar feroaring te hawwen.

Foar alles heart in oerheid de mooglikheid te hawwen om 'nee' te sizzen as ynvestearders oanklopje om de lêste gasreserves mei help fan fracking boppe de grûn te heljen. Dêr hat Klein it *Ynternasjonale Enerzjy Agintskip* oan har kant, dat fêststelt, dat twatredde part fan de wrâldwide reserves oan oalje en stienkoal yn de grûn sitten bliuwe moatte, wol de beskerming fan it klimaat in kâns hawwe. En ek it ierdgas, heakje ik dêroan ta, want dat is likegoed fossile branje.

Mat dat is no krekt it probleem. Sokke oerheden binne der amper, om't de measte oerheden fan de naasjesteaten yn it fangnet sitte fan en knevele wurde troch machtige belangegroepen, benammen de fertsjintwurdigers fan de oalje- en gasyndustry. It *Ynternasjonale Monetêre Fûns* hat bekend makke, dat jierliks mear as 5000 miljard dollar oan subsydzjes nei de produksje en it ferarbeidzjen fan fossile branje giet, dus nei stienkoal, oalje en ierdgas. Stel jimsels ris foar: eltse minút 10 miljoen dollar. Dat mei wat oerdreaun lykje, mar de tendins strykt. Dus: wylst alle oerheden sizze dat hja it opwaarmjen fan it klimaat ôfremje wolle, fleane se allegearre mei kûgelsfeart op de fatale grins ôf. It heart dus net te gean om it redusearjen fan de útstjit fan ferbrâningsgassen, konferinsjes fan de Feriene Naasjes of persoanlike enerzjybesparring. Dat is de ferkearde wei. It giet derom om de krityk te rjochtsjen op it *systeem*.

Allinnich in massale sosjale beweging kin ús noch rêde, seit Naomi Klein. En hja profetearret: op nei *Blokkadia* tsjin de rôfbou fan it ynternasjonale, troch de Feriene Steaten dominearre grûnstoffekapitalisme. *Blokkadia*, dat is in troch har betocht keunstwurd. Dêr lizze alle foarmen fan ferset tsjin de rôfbou op minsklike en ekologyske boarnen yn besletten. Dus: fan ferset tsjin in goudmyn yn Grikelân oant en mei de 'Occupy'-beweging, de juridyske striid fan de oarspronklike bewenners fan Noard-Amerika of de 'divestment'-beweging, dy't oeral begjint om syn jild út de grûnstoffe-yndustry werom te lûken. In stikmannich boargerinisjativen yn Dútslân en Nederlân kinne dêr ek ta rekkene wurde. De klimaatbeskermers moatte ek it noch hieltiten net foltôge projekt fan de frijheidsbewegings fan folken yn 'e earms slute, om in katalysator te wurden foar de opbou fan in wrâld dy't ús allegearre feiligens biedt. Der stiet ienfâldichwei tefolle op it spul om mei minder tefreden te wêzen.

Werom nei de **Opstalsbeam**. De *Fryslan-*

nen moatte, wolle se as ferbylde mienskip, as folk, bestean bliuwe, in *nij, ferbinend doel* fine. Dat jildt sawol foar ***Tota Frisia***, as ek foar de ôfsûnderlike *Fryslannen*. Ik wol dêr in útstel foar dwaan. Lit ús jitris nei de wrâld sjen.

Binne wy werklik op wei nei de katastrofe? Ik kin yn alle earlikens net sizze, dat der op dit stuit in ljochtpunt is. Dan binne der twa mooglikheden: of fatalistysk ôfwachtsje – en dan komt it wis net goed – of ús realisearje, dat wy dochs eat dwaan kinne. En dan kinne wy it bêste pleatslik en regionaal begjinne, yn stee fan te wachtsjen op inisjativen fan de steatsoerheden, dy't har wol noflik fiele yn de hâldgreep fan de oalje- en gaskonserns mei harren merkfûnemintalistyske ideology.

Mar kinne wy it? Ja dochs, want der binne oare, duorsume metoaden om enerzjy te winnen. Fansels tinke wy dan oan wyn- en sinne-enerzjy, mar der is mear. Ik neam: 'blue energy', dêr't enerzjy wûn wurdt út it ferskil yn sâltkonsintraasje tusken seewetter en farsk wetter. Mar ek enerzjy dy´t wûn wurde kin út wetterkrêft tusken ebbe en floed, is wichtich. Mar it wichtichste: oeral hjir ûnder ús sit in gâns ûnthjittende enerzjyboarne: *ierdwaarmte*, mei enerzjy foar iuwen. Net oeral sa ûndjip as ûnder Fryslân, dêr't al op 2 kilometer djipte al temperatueren hearskje fan sawat 100 graden, mar by 5 kilometer djipte binne temperatueren oantroffen fan oer de 200 graden. Dy temperatueren binne hiel gaadlik foar massaproduksje fan elektrisiteit. It is in enerzjyboarne dy't ús yn de heechste regioanen fan enerzjyprodusearjende lannen bringe kin.

Krekt op dat mêd kin in nije betsjutting fan de *Opstalsbeam*tradysje wûn wurde. Dat kin troch soks yn ús eigen fermiddens, bygelyks yn de Fryske Rie – mar net needsaaklik allinnich dêr – oer te lizzen en ús te berieden op de mooglikheden om dat alles *koöperatyf* en *kollektyf* te ûntwikkeljen en ta bloei te bringen. In ***Al-Fryske*** duorsume koöperaasje foar it winnen fan enerzjy, dat is dochs in prachtich ideaal! En as ús dát slagget, dan kin der ek in grûnslach ûntstean foar in werklike *federaasje* fan de Fryslannen, lykas Switserlân, ûnôfhinklik fan regearsintra yn De Haach, Berlyn, Brussel of Washington. Want dat lêste liket my allinnich al in politike needsaak ta om oerlibje te kinnen. En dat, freonen, yn gearhing en gearwurking mei in wrâldbeweging. Dan kin it wer echt 'Fryslân en de wrâld' wurde.

Ik helje noch ien kear Geert Mak oan. Koartsein, Friezen om de ***Opstalsbeam*** hinne, betink ien ding goed: jim ôfsûndering is tagelyk jimme lok, jim eigensinnigens is tagelyk jimme boarne fan kreativiteit, jimme betizing is tagelyk jimme driuw ta fernijing, jimme tradysjes binne tagelyk jimme ynspiraasjeboarne, jimme problemen binne tagelyk jimme sterkte.

Oan de ein fan myn foardracht, froulju en manlju, soe ik in útspraak fan in bekende Dútske filosoof út de njoggentsjinde iuw fariearje wolle. In filosoof dy't yn 1848 in wrâldferneamd manifest publisearre. Myn fariaasje fan Karl Marx, want hy wie it, is:

Wy hoege allinnich mar ús eangst te ferliezen.
Der is in wrâld foar ús – en oaren – te winnen ...

Roel Kaastra, foarsitter fan de *Fryske Rie*, op 'e tekst oer it nije struibrief oer de *Opstalsbeam* (foto: S.T. Hiemstra)

* Rede yn it Dútsk holden by de *Opstalsbeam* te Au(w)erk (Aurich) op 26 maaie 2015. Kerst Huisman is (âld-)sjoernalist en histoarikus.

Ús eigen Taal (20)

Nije ûnderwiiswetjouwing foar it Frysk en digitale differinsjaasjemooglikheden yn it fuortset ûnderwiis (I)*

Yn inkelde artikels foar *Nij Frisia* wolle wy graach omtinken jaan oan de nije wetjouwing foar it fuortset ûnderwiis en nije digitale differinsjaasjemooglikheden foar it ûnderwiis yn de Fryske taal, kultuer en skiednis. It aksint komt dêrby te lizzen op it spesjaal (fuortset) ûnderwiis. Dy bydragen binne in bewurking fan in stik dat wy skreaun hawwe foar in stúdzjemiddei (*Fierder mei Frysk* [10]) op de NHL fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* (VLLT) op 7 nov. 2013, dat benammen gong oer *ICT yn de klasse*. Hjirby it foarste part mei benammen eftergrûnynformaasje.

Sytze T. Hiemstra & Froukje de Vries

Frysk op *Skoalle Lyndensteyn*: op- en delgong

Froukje de Vries is sûnt 1973/1976 oan *Skoalle Lyndensteyn* ferbûn en wurket sûnt 2001/2002 as learkrêft Frysk op **alle** ôfdielings foar fuortset ûnderwiis fan dy skoalle te Beetstersweach, in skoalle foar bern mei lichaamlike en gauris ek geastlike beheinings (spesjaal ûnderwiis). Sytze T. Hiemstra hat dêr fan 1973-2006 wurke as lesjouwer yn ûnderskate fakken (û.o. Frysk) en sûnt begjin jierren '90 fan de foarige iuw ek as *ûnderwiiskundich systeembegelieder*. Mei Ed Knotter (en inkelde oaren) foarmen se de seksje Frysk en waarden dêrby tige stipe troch in Brabander, Jan H.C. Baselmans, mear as tweintich jier oant syn dea yn 1997 eminint en fisionêr skoallieder fan *Skoalle Lyndensteyn*. Jan seach daliks it belang fan goed en foldwaande ûnderwiis yn it Frysk en liet it net by moaie wurden. Hy learde by de Afûk it Frysk oant op Fryslân-C-nivo. Foar in net-Fries is dat in heech nivo. Jan brûkte it Frysk (ek skriftlik) yn de omgong op skoalle en foar offisjele dokuminten. It Frysk moast oeral sichtber makke wurde. Net allinnich op buordsjes en as opskrift (gevelstjefrysk). Wichtiger: hast alle learplannen en oare plannen of dokuminten koe Sytze as yntern systeemûntwikkelder yn it Frysk gearstalle en bygelyks oan de ûnderwiisynspeksje en oare offisjele ynstânsjes takomme litte.

Mei ús help soarge Jan derfoar dat de skoalle him ûntwikkelje koe ta in twatalige skoalle (Frysk/Hollânsk). Dat offisjeel troch it bestjoer fêststeld systeem is nei it hommels ferstjerren fan Jan yn it lêste desennium yn de nederklits rekke, ek al is der wol besocht om de skoalle fierder te ûntwikkeljen ta in *trije*talige skoalle.

No't der sûnt koart in folslein nije direksje mei nije ôfdielingshaden beneamd is op Skoalle Lyndensteyn, jout dat wer kânsen op ferbettering.

Nei de pensjonearring fan Ed en Sytze hat Froukje de lêste jierren ûnder tige drege omstannichheden besocht om yn de fuortsette ôfdieling it Frysk noch sa goed mooglik syn gerak te jaan. Yn dat ramt is se dwaande om ek de *iPad* in folweardich plak te jaan yn har lessen. Yn it ûndersteande wurde fandatoangeande in stikmannich fragen dy't mooglik libje, beändere. Omdat dit artikel troch twa minsken gearstald is, wurdt yn guon parten ek it persoanlik foarnamwurd 'ik' brûkt en dan giet it allinnich om Froukje.

It wetlike ramt moat in ferplichting ynhâlde

Om te ûntkommen oan it jo-jo-effekt fan op- en delgong fan it Frysk op in skoalle, is in sterke wetlike posysje needsaaklik, ek yn it spesjaal ûnderwiis. Dan is men net

langer ôfhinklik fan tafallige meiwurkers dy't de kennis en it ynsjoch hawwe om de saak fan it Frysk foarút te helpen. As sokken op in stuit ferdwine, en der gjin kapabele ferfangers komme, dan leit it Frysk en de Fryske kultuer en skiednis binnen de koartste kearen yn in skoalle wer op 'e rêch. En de oerheid (makro-nivo fan beslissers) is derfoar om soks, lykas by it Hollânsk op skoalle, goed en ôfdwaande te regeljen mei ferplichtings en in effektive kontrôle dêrop. Oars wurdt it yn de organisaasje fan de skoalle (it meso-nivo fan beslissers) ornaris ek neat en komt it Frysk bytiden net iens oan de klasse, de learkrêften en learlingen (dus it mikro-nivo fan beslissers) ta. Mei as ivige slachtoffer: de oerdracht fan de Fryske taal en kultuer. Jierrenlang hat dat de heislike situaasje west. Der moast foar striden wurde om dêr beweging te krijen en de nivo's op te skodzjen. Likegoed - en faaks wol benammen - yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis.

Kearndoelen fuortset ûnderwiis

Op 30 jannewaris 2014 is it wetsfoarstel (sj. op www.ffu-frl.eu by 'Ynkommen 2014') foar it wizigjen fan de wetten op it *primêr ûnderwiis*, it *fuortset ûnderwiis* en de *ekspertizesintra* yn ferbân mei de Fryske taal (336118) yn de Twadde Keamer plenêr bepraat en koart dêrnei oannommen. Dêrnei folget de Earste Keamer en it ûndertekenjen.

De Fryske taal is ek yn de wetjouwing foar it VSO/FSU ('Voortgezet Speciaal Onderwijs') opnommen. Dêr't de ynhâld gelyk is oan it (regulier) fuortset ûnderwiis, wurdt ek foar Frysk deselde line folge. Foar it VSO/FSU-útstreamprofyl ***ferfolchûnderwiis*** yn Fryslân heart dus ek Frysk ta de kearndoelen en it programma fan de ûnderbou (de provinsje kin dispensaasje jaan, neffens in reguliere proseduere). (Boarne: *Ynformaasje oer kearndoelen Frysk foar it VSO/FSÛ, SLO*, nov. 2011)

Wy hawwe noch gjin goede ynformaasje oer hoe't it krekt regele wurdt by de ôfdieling(s) primêr ûnderwiis fan it spesjaal ûnderwiis, mar hoopje dat de kearndoelen foar it reguliere basisûnderwiis dêr yn prinsipe aanst ek jilde sille en dus in ferplichting wurde. Dat is needsaaklik om de kontinuïteit en trochgeande learline(n) yn it spesjaal ûnderwiis feilich te stellen. Dat soks wetlik net goed regele wie, is de foarnaamste oarsaak dat it ûnderwiis yn it Frysk net bliuwend fan de grûn kaam. Op Skoalle Lyndensteyn wie dat ek it gefal.

Dêrnjonken jout it ministearje fan OCW/UKW oan dat der ûnderwiis yn de Fryske taal jûn wurde **KIN** yn de ('útstream'-) profilen ***arbeidsmerk*** en ***deibesteging*** en dat dêrfoar kearndoelen ûntwikkele en fêststeld wurde. Yn de nije wetjouwing stiet op dat punt by de útstreamprofilen de neikommende bepaling: "Op scholen in de provincie Fryslân kan het onderwijs in het arbeidsmarktgerichte uitstroomprofiel (/ uitstroomprofiel dagbesteding) mede onderwijs in de Friese taal omvatten. Voor dat onderwijs worden bij algemene maatregel van bestuur kerndoelen vastgesteld." (*Wetsvoorstel Kwaliteit (V)SO juni 2011*). In saneamde 'kin-bepaling' betsjut dat it (ek) gjin ferplichting is om Frysk te jaan yn dy beide VSO-útstreamprofilen. Dat betsjut dus dat der wetlik (wer) gjin trochgeande learline(n) en kontinuïteit garandearre is (binne). Soks liedt (wer) ta in slimme foarm fan ferwaarleazging fan it Frysk. In kultuerpedagogyske en taalpolitike deasûnde. **Hjir leit dus foar ús provinsjale oerheid de taak om de wet op dat punt (ek) feroare te krijen, oars bliuwt de stagnaasje: dat 'kan het onderwijs' moat mei gauwens 'omvat het onderwijs' wurde. Der moat no flink trochpakt wurde.** It hat al te lang duorre!

Der binne op it stuit op grûn fan kêst 11e fan de WVO/WFU foar de Fryske taal en kultuer kearndoelen formulearre dy't yn de provinsje Fryslân *deselde status* hawwe as de algemiene kearndoelen op grûn fan kêst 11a fan de WVO. Dêrby is ûnderskied makke tusken kearndoelen dy't foar alle learlingen ferplichte binne (1-3), en kearndoelen dy't oars útwurke binne foar learlingen dy't de Fryske taal as twadde taal prate (4a-6a), en foar learlingen foar wa't Frysk de memmetaal is (4b-4c).

Kennis en in beskate funksjonele behearsking fan de Fryske taal en kultuer is wichtich foar in brede partisipaasje yn de provinsje Fryslân. Dat jildt út soarte likegoed foar learlingen yn it útstreamprofyl ferfolchûnderwiis. Mar neffens ús net minder foar de profilen **arbeidsmerk** en **deibesteging**.

As by learlingen sprake is fan in stadiger taalûntjouwing en/of swierrichheden yn de ynformaasjeferwurking, dan sil dat trochwurkje yn it nivo dat neistribbe wurde kin by de kearndoelen Fryske taal en kultuer. In protte learlingen hawwe as gefolch fan harren beheining(s) problemen yn kommunikative situaasjes. Dat hat konsekwinsjes foar it stal jaan fan it ûnderwiis.

Foar guon learlingen sille oanpaste boarnen en/of ûnderstypjende materialen brûkt wurde moatte. Sa sille foar bline learlingen as der praat wurdt oer (skreaune) teksten en boarnen oanpaste (braillearre) materialen ynsetten wurde kinne. Foar learlingen mei in auditive beheining kin by út útwurkjen fan de kearndoelen de klam mear lein wurde op de lêsfeardigens yn stee fan de harkfeardigens. By learlingen mei in spraakbeheining kin derfoar keazen wurde om de klam mear te lizzen op de skriftlike kommunikaasjefeardichheden yn it plak fan de mûnlinge kommunikaasjefeardichheden.

Yn beskate gefallen kinne skoallen frijsteld wurde fan de ferplichting ta de kearndoelen Frysk. Dêr komt ek de mooglikheid by foar in skoalle om foar in part ûntheffing foar íén of mear kearndoelen oan te freegjen. De skoalle fersoarget bygelyks wol ûnderwiis yn de mûnlinge behearsking fan it Frysk, mar net yn it skriuwen dêrfan. Dy bedoelde parsjele ûntheffing kin derfoar soargje dat de ûntheffing better oanslút by de skoalsituaasje en de populaasje fan de skoalle. De kriteria foar it ferlienen fan parsjele of folsleine ûntheffing wurde, yn oerlis mei de provinsje Fryslân en mei it beheljen dêrby fan it Fryske skoallefjild, troch de minister fêststeld.

It past by de algemiene doelstelling fan it stribjen nei in sa grut mooglike selsredsumens dat learlingen dy't it vso/fsû ferlitte, harren yn har omjouwing ek sa goed mooglik mei it Frysk rêde kinne. It oanbieden fan Frysk yn it vso/fsû-programma kin útfierd wurde neffens de wetlike ramten foar it vso/fsû en de kearndoelen, mar ek yn de oare útstreamprofilen moat de fakultativens mei gauwens ferdwine.

En no wer werom nei it mikro-nivo, nei de *iPad* yn de klasse. En dan foar it Frysk!

Wat is in iPad en wat kin men dermei foar it Frysk?

In *iPad* is in miniatuerkompjûter fan it Amerikaanske elektroanikabedriuw Apple, mei in formaat krekt wat grutter as in mobile tillefoan. It is te betsjinjen mei in taastskerm ('touchscreen'), dat mei de fingers betsjinne wurde moat. It apparaat hat as eigenskippen dat it lyts, licht en plat is. It hat mar trije knoppen: in oan/út-knop, in folumeknop en in begjinsikerskaai ('home button'). Moai is ek dat it 10 oeren brûkt wurde kin sûnder op te laden. Standert sitte der applikaasjes (programma's; apps) op lykas in aginda, in mooglikheid om *notysjes* te meitsjen en in applikaasje*winkel* (App Store).

Betingsten

It is fan belang dat men mobyl ynternet hat, alhoewol't der hjoed-de-dei ek al *iPads* binne mei yn in 3g-fariant. Dat hâldt yn, dat der in Sim-kaartsje yn kin, sadat men ek ynternet brûke kin as der gjin triedleas breedbânynternet (wifi) yn de omjouwing is. Dêr moat men abonnemintskosten foar betelje. Dat kin fan € 10,00 yn 'e moanne ôf.

De kosten fan in iPad

De kosten fan sa'n apparaat lizze rûchwei tusken de € 400,00 en € 650,00. It hinget derfan ôf watfoar *iPad* oft der oanskaft wurdt, hoefolle gigabites it hat, de kleur en watfoar generaasje oft it is.

Yn ús gefal (Skoalle Lyndensteyn) binne de *iPad*'s oanskaft fan subsydzjejild fan de provinsje Fryslân (projekt *Boppeslach VO/FÛ*) foar it jaan fan Frysk yn it VSO/FSÛ, dus foar ús ôfdieling **F**uortset (**S**pesjaal) **Û**nderwiis.

Motiven foar it brûken fan *iPads* yn it spesjaal ûnderwiis

Op Skoalle Lyndensteyn sitte learlingen mei fysike (plus oare) *beheinings*. Yn it fuortset ûnderwiis dêrfan (VO/FÛ) binne trije nivo's (profilen) te ûnderskieden:

1. ***VMBO/TMBÛ*** (*tariedend middelber beropsûnderwiis*), de learlingen helje in *diploma*;
2. ***Arbeid***, de learlingen streame út nei (oanpaste) *wurk* (arbeid);
3. ***Deibesteging***, de learlingen komme almeast op *deibestegings*plakken telâne.

Foar in goed begryp fan de learrûten fan de populaasje dy't op Skoalle Lyndensteyn (ek) Frysk leare moat, foar alle dúdlikens efkes in koarte omskriuwing:

1. **VMBO/TMBÛ** omfettet in ***learrûte 1*** en ***learrûte 2***. Yn learrûte 1 behearskje de learlingen by oanfang de learstof oant en mei groep 7 en 8 fan it basisûnderwiis, de yntelligynsje, it IQ, is > 90 en se binne *normaal*-learend. Yn learrûte 2 behearskje de learlingen de learstof by oanfang oant en mei groep 6 (baû), it IQ leit tusken de 80 en 90 en de bern binne *normaal*-learend.

Dizze learlingen binne tusken de 12 en 14 jier âld yn VMBO 1 en tusken de 13 en 15 jier âld yn VMBO 2. Sy dogge meast gewoan 4 jier oer it VMBO. Somtiden is ferlinging nedich as de beheinings sa grut binne dat jo fan in normaal tempo net mear prate kinne. Ferlinging is allinnich mooglik as der in *diploma* helle wurde kin.

2. **Arbeid** omfettet *learrûte 3*. Yn learrûte 3 behearskje de learlingen by oanfang de learstof fan groep 3, 4 en 5 (baû), it IQ is 70 – 80 en it binne *dreech*-learende bern ('moeilijk lerend', mlk/dlb). *Arbeid* (ûnderbou, middenbou en boppebou) omfettet 6 learjierren. De âldens fan de learlingen leit tusken om ende by 12 o/m 18 jier. Dêrnei ferdwine de learlingen fan skoalle. De útstream is, sa't de namme al seit: *Arbeid*, almeast nei oanpast wurk.

Sûnt 2013 wurdt der yn dit profyl wurke mei **DOEN IN**. It giet derom om foar alle learlingen in *portfoliomap* oan te lizzen mei 'ôffinklisten' fan wat de learling nei tefredenheid oefene/dien hat. Alle learlingen hawwe dus in eigen portfoliomap mei dêryn de resultaten fan har krewearjen. Benammen foar de praktykfakken binne wy no begûn om op dy wize te wurkjen. Foar alle teoryfakken (bgl. talen) moat der noch hiel wat materiaal ûntwikkele wurde om neffens de BOS-systematyk wurkje te kinnen (BOS = '**B**asis **O**ntwikkeling **S**pecialisatie'). Wat soene de bern yn de *basis* behearskje moatte en wat soe yn de *ûntwikkeling* en de *spesjalisaasje* kinne?

3. **Deibesteging** omfettet *learrûte 4*. Yn learrûte 4 behearskje de learlingen by oanfang de learstof fan groep 3 (baû) of leger, it IQ is 50/55 – 70 en it binne *tige dreech*-learende bern ('zeer moeilijk lerend', zmlk/tdlb) mei in *mearfâldige* beheining (hendikep); dus learlingen dy't der ek noch ien of mear oare beheinings as (benammen) in lichaamlike by hawwe. *Deibesteging* (ûb, mb, bb) omfettet 6 learjierren mei-inoar. De âldens fan dizze learlingen is om en de by 12 o/m 18 jier. Dan ferdwine de measten fan skoalle. De útstream is, sa't de namme al seit: *Deibestegingsplakken*.

Sûnt 2013 wurdt der wurke mei **DOEN IN**. Lykas by *arbeid* ek al oanjûn is (sjoch hjirboppe), giet it derom om dat alle learlingen in eigen '*portfoliomap*' oanlizze mei 'ôffinklisten' fan wat in learling nei tefredenheid oefene/dien hat.

Foar alle net-praktykfakken (bgl. talen) moat der noch hiel wat materiaal ûntwikkele wurde. Alle bern út de ûnderskate learrûten hawwe baat by goed strukturearre lesmateriaal en dêr kin de *iPad* skoan by helpe. It hat op ús skoalle bliken dien dat harren gefoel fan *eigenwearde* tanimt, dat it harren *fantasy* prikelet en dat se sels (mear) *inisjativen* nimme. Sa komt it by it learen fan '*Myn earste Fryske wurdsje App*' (sjoch foar fierdere útlis dêroer in kommende *Nij Frisia*) foar dat learlingen om briefkes freegje (dy't se 'spykbriefkes' neame) om dêr de wurdsjes op te skriuwen. Dan docht boppedat bliken dat by it skriftlik oerhearren fan sokke wurdsjes, hast alle bern dy goed hawwe. De learlingen binne dan grutsk op harsels en Froukje is dat út soarte op harren!

** It twadde part komt yn in kommend nûmer fan 'Nij Frisia'.*

Tradisjonele trijejierlikse Friezemoeting fan 24 oant 26 maaie 2013 op Hilgelân

Anton van der Ploeg

Anton van der Ploeg (rjochts), skriuwer fan de seksje 'West', yn petear mei Nanne Kalma (foto: S.T. Hiemstra)

Freedtemoarn (24 maaie 2013) om healwei fiven wie it wer safier; de bus yn en mei 73 minsken op 'en paad nei Bremerhaven, foar de *Friezemoeting* fan in lang wykein op *Hilgelân ('dëat Lun', 'Helgoland')*, in 'hillich' Noard-Frysk rotseilân yn de Noardsee. De boat gie om healwei tsienen fuort; it wie sa'n fjouwer oeren farren. Op 'e boat trof men fansels allegearre kunde. De East-Friezen en Sealterlanners sieten ek op 'e boat. Foaral yn it begjin fleach de tiid om. Letter waard dat foar in grut part wol wat minder. Der wie nochal wat dining en der sieten in protte passazjiers mei in papieren pûdsje yn 'e hân. De boat

bleau sa'n 500 meter foar de haven fan it eilân lizzen en wy waarden ophelle mei sloepen. Dat hat oarspronklik te krijen mei in betingst dat de Ingelsen nei de oarloch steld hawwe by de oerdracht fan it eilân oan de Dútske autoriteiten op 1 maart 1952. De opbou fan it folslein ferwoastge eilân hat dêrnei noch hiel wat jierren duorre.

Fan lofts nei rjochts: dr. mr. Roel Kaastra (foarsitter seksje 'West'), boargemaster Jörg Singer fan Hilgelân, Erk Hassold (foarsitter seksje 'Noard') en Ilse Johanna Christiansen (bestjoerslid seksje 'Noard') (foto: S.T. Hiemstra)

Om healwei twaen wiene wy op 'e wâl. Der stie in hiel kâlde wyn, mar de sinne wie der goed by. Wy waarden wolkom hjitten troch boargemaster Jörg Singer fan Hilgelân. De flaggen fan de Fryslannen waarden hyst en doe koene wy ús hotel opsykje. Dat is net sa lestich, want sa grut is it doarp no ek wer net. Om trije oere wie der daliks in gearkomste fan de *Ynterfryske Rie*. De oare dielnimmers koene al fêst efkes it doarp yn te boadskipjen. It doarp bestiet út twa dielen. In part leit boppe op 'e rotsformaasje, sa'n 70 meter boppe see. It sil jim net fernuverje dat dat part op syn Hilgelânsk 'Boppen' neamd wurdt. Der is in ferbining fia in lift mei it ûnderste part, dat krekt boppe seenivo lei. Dat wurdt 'Bedeelen' neamd. Der binne in soad winkels mei bygelyks merkklean en de djoerdere horloazjes. Drank en smokerswaar is der folop en belestingfrij te keap.

Om fiif oere begûn it fuotbaltoernoai. Ús provinsje Fryslân wie ûnder oaren fertsjintwurdige troch froulju dy't harren mantsje wol stiene. Foar wa't wat oars woe, dy koe fan it fuotballân ôf, fia in trep mei sa'n 380 triemmen, in kuier meitsje dy't by de 'Lange Anna', in lossteande, útstekkende rots, lâns gie. Tûzenen fûgels, ginten, alken, mallemokken, skoeten en winterkobben hiene der harren briedplak. Men koe hiel tichteby de fûgels komme. Gjin wûnder dat in hiel soad natuerfotografen dêr harren plak ynnamen. Wer nei it doarp ta kaam men in rotsformaasje foarby dy't op syn Heechdútsk 'Lummenfelsen' (mallemokkerots) neamd waard. Aardich om te lêzen is dat de eilanners der yn it ferline blykber in oare belibbing by hiene as de moaie fûgels. Se neamden it de 'Skitenhorn'. Men kin de omgong yn in oere kuierje. Moai op 'e tiid werom dus foar de 'Helgolander Heimatabend' yn 'e *Noardseehal* ('Nordseehalle'). Dy jûn waard troch de Hilgelanners presintearre. Der wie folksmuzyk en folksdûnsjen en it Hilgelanner Shantykoar hie in optreden dat goed yn de smaak foel. Hiel aardich wie ek de demonstraasje fan de kleandracht op it eilân. Nuveraardich wie de baret dy't in ûnderdiel foarme fan it manljuspak. Dêr koe men hiel goed in stikje Britse skiednis fan it eilân fan 1807 oant 1890 yn weromfine. Yn dat lêste jier waard Hilgelân wer Dútsk, nei't it ruile waard mei Sansibar. It foel op dat de minsken o sa maklik mei-inoar oan 'e praat kamen. Dat wie it gefal mei de wat âldere- en de jongere Westerlauwerske Friezen, mar ek de kontakten mei East-Friezen en Sealterlanners wiene tige spontaan. De Noard-Friezen lykje, wat dat oanbelanget, dochs in bytsje ôfstanliker te wêzen. Men koe ridlik op 'e tiid op bêd, al waard dat net troch eltsenien neistribbe.

De sneontemoarns koe men earst wer it doarp ferkenne. It tintsje mei foarljochtingsmateriaal, dat de hiele dei by it gemeentehûs stean soe, wie troch de hurde wyn de loft yngien en koe net wer opboud wurde. Om alve oere waarden der wurkwinkels holden yn 'e James Krüss-skoalle. Inkelden seagen noch kâns om foar dy tiid efkes in besite te bringen oan 'Düne', in yn 1721 troch in grutte stoarmfloed fan it eilân skieden dúngebiet dêr't hjoed-de-dei kegelrobben (grize seehûnen) sjoen wurde kinne en dêr't ek de fleantugen oankomme en fuortgeane.

Wat de wurkwinkels oanbelanget: der wiene 7 mooglikheden oanjûn, fariearjend fan klaaiïng, skiednis, keunst, itensieden, polityk, taal oant knikkerjen. Der wie net op eltse wurkwinkel yntekene, mar der bleauwen mooglikheden genôch oer. Tige ynteressant wie de wurkwinkel oer de Hilgelânske taal, it *Halunder freesk*, dy't laat waard troch Jarich Hoekstra, ús Westerlauwerske heechlearaar Frysk (yn û.o. de Noard-Fryske dialekten) út Kiel. De dielnimmers moasten yn groepkes in Hilgelânsk gedicht fan James Krüss oersette yn har-

ren eigen Frysk. By it kraaltsjeriuwen (foar de tradisjonele klaaiïng) die bliken dat it noch net sa maklik wie om dy lytse dinkjes neffens it krekte patroan oan te bringen. Der wie mar ien dy't it úteinlik ta in goed einprodukt brocht. De politike wurkwinkel waard spontaan troch de leafhawwers sels organisearre en smiet kontakten en ôfspraken op om te besykjen yn de takomst ta in foarm fan bestjoerlike gearwurking te kommen en om materiaal foar ynter-Fryske skiednis gear te stallen dat yn de trije Fryslannen brûkt wurde kin.

Ûnderierdsk gongestelsel fan Hilgelân (foto: S.T. Hiemstra)

Doe wie it tiid foar middeisiten. Yn it doarp wiene mooglikheden by de rûs om in plakje te finen. Dêrnei wie der alle tiid ear't de besite oan de yn de rotsen útkappe ûnderierdske gongen begûn. Dat gongestelsel hat benammen yn oarlochstiden syn nut hân. It grutste part is troch kriichsfinzenen út Nederlân en Ruslân makke, sa lei de gids ús út. By it bombardearjen fan Hilgelân nei de Twadde Wrâldkriich is it de Ingelsen net slagge om dy gongen allegearre te ferneatigjen. Wat mear oft men dêr oer te hearren krige en oer neitocht, wat mear yndruk oft dat op jin makke.

De jûns wie der wer in feestjûn yn de *Noardseehal*. Dizze kear wie de organisaasje yn hannen fan de gasten. Hindrik Jonker die, mei in jongfaam út Noard-Fryslân, de presintaasje. Der wie wer muzyk, dûnsjen en sjongen. Ut ús Fryslân wei wie der in optreden fan Nanne Kalma en Ankie van der Meer. De útkomsten fan de wurkwinkels waarden presintearre en de fuotbalploegen huldige. De ploech fan Hilgelân hie de earste priis helle. No ûntstiene der ek wer in soad kontakten mei de oare dielnimmers.

De sneintemoarns wie der in mienskiplike Fryske tsjerketsjinst. De tsjerke wie goed beset en it gehiel spriek de minsken tige oan. Nei de tsjinst gongen de dielnimmers (foar in grut part yn tradisjonele klean), yn optocht troch it doarp. Dat joech in plechtige yndruk. Dêrnei waard der folksdûnse by it gemeentehûs. Ut alle dielen fan de Fryslannen wiene minsken fan de partij. Men koe de kleandrachten fan Feer (Föhr), de Halligen, Stapelholm, Sealterlân en ús Fryslân trije dagen lang op it eilân besjen It gehiel stie ûnder lieding fan de Boalserter Skotsploech. It waar wie hiel moai en it wie in feestlik gesicht, al dy minsken yn harren eigen kleandracht, dy't mei-inoar de prachtichste figueren sjen lieten. In keunststik om it sa yninoar te setten, dat it hieltyd wer goed útkomt.

Nei ôfrin wie der noch in mooglikheid om wat ynkeapen te dwaan. Oaren brochten noch efkes in besite oan de 'Ubena von Bremen'. Dat midsiuwske hannelsskip (in kofskip) wie spesjaal fan it fêstelân oerkaam. De minsken fan it skip hiene histoaryske klean oan en húsmannen yn tinten út earder tiden. Somtiden waarden der midsiuwske kampslaggen 'opfierd'. Om healwei fjouweren moasten wy wer yn de sloepen, op hûs oan.

Dizze kear wiene der gjin seesiken oan board. Goed acht oere wiene wy yn Bremerhaven en om goed alve oere wie eltsenien sa'n bytsje wer thús.

Al mei al hawwe wy in pear prachtige en sinfolle dagen hân. Goed foar de ynter-Fryske kontakten. Yn de takomst soene wy noch wol mear Westerlauwerske Friezen nei Hilgelân ta hawwe wolle. Yn 2016, fan 3 o/m 5 juny, is it wer safier (www.fryskerie.nl). **Komme jo ek?**

Koggeskip (replika) de 'Ubena von Bremen' yn de Suderhaven fan Hilgelân (foto: R. Kaastra)

Anton van der Ploeg is skriuwer fan de Fryske Rie en wie oant syn pinsjonearring beliedsmeiwurker foar projekten by de ôfdieling 'Wetter' fan de provinsje Fryslân.

KAFEE 'ROM SICHT' (34)

Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friezema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

It wurdt wat langer wat gekker yn dit lân', seit Geart, as er by de maten oanskood is.

'Wat no,' ynformearret Minne, 'hat de frou dy te min bûssinten meijûn?' Geart snúft in kear as wat, it is dúdlik syn eare tenei om dêr antwurd op te jaan.

Rommert Tjeerdsma

'De Omrop moat de nekke omdraaid wurde', seit Geart in bytsje mismoedich, wylst er mei it leppeltsje yn syn gleske jonge jenever mei sûker omtyspelet.

'No, moat?', gnysket Minne, dy't krekt by de tafel oanskoot. 'Hja moatte gearwurkje mei de omroppen fan Grinslân en Drinte.'

'Dat komt op itselde del,' antwurdet Geart, 'dan bliuwt der neat eigens mear oer ...'

Fetse nimt in fikse slok Bearenburch en suchtet: 'Wat ik net begryp, is dat soks no ek wer út De Haach wei beoardere wurde moat. Wêrom kinne wy soks hjir sels net regelje?'

'Omdat it ûnder de publike omrop falt,' seit Minne, 'de Nederlânske publike omrop wol te ferstean.'

'Dus de steatsomrop', konkludearret Watse.

'In publike omrop, dy't stiif stiet fan de reklame', ornearret Geart en kriget der suver in reade holle fan. Fetse set mei in fikse tik syn romer op 'e tafel en prottelet: 'Dêr haw ik no altyd al argewaasje fan hân. It omropsysteem yn dit lân doocht foar gjin meter. Do hast twa soarten omroppen, kommersjele en publike. De lêsten helje it jild by de belestingbeteller wei. Wêrom dogge se dan ek noch oan reklame? Fan al dy miljoenen dy't wy ferplichte betelje, moatte se dochs maklik rûnkomme kinne?'

'Dêr hasto gelyk oan,' falt Watse him by, 'it is ek noch ûnearlike konkurrinsje, want de kommersjelen moatte sels de broek ophâlde. Dy krije gjin belestingsinten. Sterker noch, dy betelje belesting!'

Boate kastlein komt efter de taap wei om in nij rûntsje te bringen en hat blykber de lêste wurden opheind. 'Nim no sa'n stjoerder as GPTV,' seit er, wylst er mei ferdrach de gleskes omruilet, 'dy rêdt him dochs ek hielendal sels, sûnder oerheid of wat dan ek. Dat moat mei Omrop Fryslân dochs ek

mooglik wêze! Dan hawwe wy neat mei Grinslân of Drinte en al hielendal neat mei De Haach te krijen.'

Dat moat it oansittend laach earst efkes yn him omgean litte.

'Ja,' pakt Minne it petear wer op, 'mar GPTV werhellet alles hieltyd en hja meitsje ek gjin radio.'

Fetse giet der efkes foar sitten. 'De Omrop werhellet krekt likegoed alles', seit er. 'En in eigen radiostasjon kin maklik út, hoefolle kommersjele stjoerders binne der net en hja moatte allegearre de eigen broek ophâlde.'

'En belesting betelje', follet Watse oan. 'Moatst ris sjen hokfoar bedraggen oft der net troch dy lju betelle wurde as der om 'e safolle jier radiofrekwinsjes ferjûn wurde. Dat jild moatte se allegearre werom fertsjinje en boppedat ek noch winst meitsje. En dat dogge se ek.'

'No, ik wit net,' wifelet Minne, 'as de kommersje it foar it sizzen hat ...'

'Ha, ha,' laket Fetse, 'dat is no ommers ek al sa. De Omrop stiet stiif fan de reklame. Oant ferfelends ta hieltyd deselde gjalpen. Nee, wat dat oangiet soe der neat feroarje. Mar wy kinne better fan ús Fryske advertearders ôfhingje as fan dat soadsje potfertarders dêr yn De Haach. In eigen omrop, ûnôfhinklik fan Hollân, it moat mooglik wêze.'

'Hee ja,' ropt Minne entûsjast, 'dan neame wy it de FOF, de *Frije Omrop Fryslân*!'

Mar no noch wat oars,' seit Geart, 'as it my net mist, hawwe wy yn dy sniewinter fan '79 in eigen omrop krige. It heucht my noch as de dei fan juster. Al fiifentritich jier in eigen omrop. Wêrom moat dat no ynienen feroare wurde?'

'Witst dat net?', freget Fetse ferheard.

'Nee,' antwurdet Geart in bytsje op 'e teannen trape, 'oars hie 'k it net frege no ...'

'Besunigje en nochris besunigje. Wylst bedarje de miljarden yn 'e put sûnder boaiem dy't EU hjit.'

'O, mar dat jild krije wy allegearre mei rinte werom hear', ropt Minne. 'Ik haw it dy Kees de Jager, dy't doedestiids steatssekretaris wie, sels sizzen heard.'

'Ja, dat is wier', seit Boate kastlein, dy't krekt efter de taap weikomt. 'Dy Rutte sei koartlyn noch: "Geen cent meer naar Griekenland!" De man mient blykber dat er ús alles wiismeitsje kin. Mar de tiid dat wy noch yn mearkes leauden, is al lang foarby. Mar net om it iene of oare, it is wol de heechste tiid hearen!'

De Taalstipe (2)

Ed Knotter



De oare helte ...

As in pear troud is, binne hja man en wiif. Dat lêste wurd hat ûnder ynfloed fan it Hollânsk in negative klank krige. (Ynfloed fan it Ingelsk soe sa ûngeunstich net wêze, mar dy rikt blykber net sa fier.) In moaie oantsjutting fan de partner is *myn oare helte*, of (in bytsje gekoanstekkerich) *myn bettere helte*. Inkeldris wurdt wol sein: *myn sydsulver*. Dat ferwiist nei it sulveren naaiark dat froulju eartiids as sieraad oan 'e klean hiene te hingjen. Om't net allinnich dy sulveren skjirkes ensawathinne bedoeld wurde, mar de frou sels, neame wy it sydsulver in *pars pro toto*, in ûnderdiel dat bedoeld is as beneaming fan it gehiel. Yn alle gefal is dy oare helte in pronkje dêr't de man mei foar de kreammen lâns kin.

Fräisk appe Ouljebierich

Gretchen Grosser

Ap dän Ouljebierich in Jerusalem stoant ju Paternoster-Säärke, uk wäil ju "The Lords Prayer' of the Olive-beamts-Church" nammt. Ju Säärke stoant ap n'Steede, wiervon ju Tradition kwät, dät Jesus deer dät Gebäd: Vater unser, leerd hääbe schäl.

Die Ouljebierich, die fon dät oolde Jerusalem truch dät Kedron-Delta, ousnieden is, is foar do Juden en gans besunnern Ploats. N'gans grooten Paart is iennuumen truch Greeuwe. Die Ouljebierich häd sofuul "Anziehungskraft", dät Juden deer uk läip jädden begreeuwen wäide wollen. Dät häd so sien Betjuden: Juden leeuwe nämlik, dät Jessus insen wierkumt ap dän Tämpelbierich in Jerusalem. Die Tämpelbierich stoant juunuur düssen Part fonne Stääd.. Dan schäl deer n' Brääch kuume ätter dän Ouljebierich. Deeran leeuwe do Juden gans fääst. Un deeruum is dan uk ju Uurseeke, dät eenige Juden uut Jerusalem jädden ap dän Ouljebierich begreeuwen wäide wollen.

Foar Fräisen is die Ouljebierich uk interessant. Dät kumt fon ju "Pater-noster-Säärke". Ap do Muuren uum ju Säärke tou sunt "Vater unser" as Mosaik in 92 Sproaken anbroacht. Ieuwenske ju holloundske is deer uk ju fräiske Uursäätenge fon düt Gebäd, wät Jesus sien Nachkommen leerde, mee moanken. Dät fräiske Mosaik-Tableau wude 22. April 1995 anbroacht. Do waas een Gruppe fon Fräisen uut Skearnegoutum un uumetou in Jerusalem. Dät littje Stuk oaine Sproake in dät fiere Jerusalem kumt fräiske Urlauber in dät bibelske Lound gans fertjout toumäite.

Boarne: *Eala – Fäktiedskrift foar Fräiske Geskichte un Kultuur*

Friesisch auf dem Ölberg

Auf dem Ölberg in Jerusalem steht die "Paternoster-Kirche, auch wohl die "The Lords Prayer' of the Olive-beamts-Church" genannt. Die Kirche steht auf einem Platz, wovon die Tradition sagt, daß Jesus dort das Gebet: Vater unser, gelehrt haben soll.

Der Ölberg, der von dem alten Jerusalem getrennt ist durch das Kedron-Delta, ist für die Juden ein ganz besonderer Platz. Ein großer Teil ist von Gräbern eingenommen. Der Ölberg hat soviel Anziehungskraft, so daß Juden dort auch gern beerdigt werden möchten. Das hat eine Ursache. Juden glauben nämlichj, daß Jesus einmal wiederkommt auf den Tempelberg in Jerusalem. Der Tempelberg steht gegenüber diesem Teil der Stadt. Dann soll dort eine Brücke zum Ölberg gebaut werden. Davon sind die Juden fest überzeugt. Und darum möchten auch etliche Juden aus Jerusalem gern dort beerdigt werden.

Für Friesen ist der Ölberg auch interessant. Das kommt daher, daß dort die "Paster-noster-Kirche" steht. Auf der Mauer um diese Kirche herum sind "Vater unser" als Mosaik in 92 Sprachen angebracht. Neben der holländischen ist dort auch die friesische Übersetzung von diesem Gebet, welches Jesus seinen Nachkommen lehrte, mit dazwischen. Das friesische Mosaik-Tableau wurde am 22. April 1995 angebracht. An diesem Tag war eine friesische Gruppe aus Skearnegoutum und umzu in Jerusalem. Das kleine Stück eigener Sprache in dem fernen Jerusalem kommt friesischen Urlaubern in dem biblischen Land vertraut entgegen.

Margaretha Grosser is yn 1934 berne yn Roomelse (Ramsloh) yn Seelterlound (Sealterlân) en set berneboeken oer yn it Sealtersk.

Frysktalige kartografy: bydrage ta it ynsjoch dat it Frysk in folsleine taal is (diel III)*

De nammen fan wetters, sânplaten en eilannen

Foar de nammen fan wetters, sânplaten en eilannen yn it gebiet tusken Haarlim en Wûrsten jildt itselde as foar de plak- en fjildnammen: de grûnslach is Frysk.

Wetternammen

Op it Nederlânske part fan Waad en Iselmar fine wy yn de hydronimen (wetternammen) in tal útgongen dy't oer it generaal noflik oer te setten binne. It giet om de folgjende útgongen: balg (balch); bocht (bocht); bol (bol); bult (bult); deur (doar); diep (djip); gaatje (gatsje); haaks (heaks); hop (hop); laag (leech); pad (paad); plaat (plaat); richel (richel); rug (rêch); val (fal); vlaak (flaak); vlakte (flakte); wad (waad); wijd (wiid); zand (sân); zee (see); zeug (siich); zwin (swin). It meastepart fan dy oersettings seit himsels, útsein dy fan 'zeug'. Dat hydronym fine wy by Wieringen (Oude Zeug) en yn dy betsjutting moat tocht wurde oan it trochsigen fan it wetter.

Dan binne der ek noch in tal karakteristike hydronimen yn de Iselmar en it westlike Waad dy't letterlik oernommen wurde kinne, omdat se Frysk binne: *Gammels, Hop, Kreil* en *Kreupel.* Hofstede sil nei analogy fan it ûnder 'toponymy' beskreaune *Hofstee* wurde moatte en Wagenpad, eastlik fan de Wieringermar, *Weagenpaad.* Dan binne der noch twa nijsgjirrige hydronimen yn de mûning fan it Fly: Boomkensdiep en Stortemelk. Van der Molen ferûnderstelde dat it mooglik *Boomkesgat* wêze koe.[1] It Stortemelk wurdt al yn 1573 neamd as 'Storte melc'. De namme soe jûn wêze fanwegen de wite weagen dêr. De Skylgers neame de djipte 'It Sturtemelk'. Ik soe dêrom útstelle wolle: *It Stoartemolke.* Kalfamergat by de Jist, komt fan de lânnamme Kalfamer. Dat is in gearlûking fan *keal* en *hammer*, leech wiet lân oan de kant fan it wetter, dêr't de keallen weidzje (ferl. *Hammeren* by Kalma, 1949)[2]; útstel: *Kealhammergat.* De Kachelotplate, tusken Boarkum en de Jist, ûntlient syn namme oan it Frânske wurd 'cachelôt', dat 'potfisk' betsjut. Foar it neiste is der ris sa'n bist strâne. Mar ûndúdlik is wêrom't de namme Frânsktalich wurden is. Foarstel: *Potfiskplaat.*



Kerst Huisman is (âld-)sjoernalist en histoarikus

Op it lân binne ek noch frijwat hydronimen. Yn Noard-Hollân: Die (de Ie), Gouw (gau), Kol (kil), Leek (like of lits), Twiske (twiske), Poel (poel), Zwet (swet), Zaan (Saan of Sân). Yn Grinslân: Maar (mear), Beetze (Beets) Yn it East-Fryske gebiet: Balje (balch), Bank (bank), Ee, Ehe (beide Ie), Hef (hef), Kill (kil), Leide (leie), Nacken (nekke), Plate (plaat), Priel (priel), Riff (rif), Rinne (rin), Rücken (rêch), Sand (sân), Schloot (sleat), See (see, mar), Steert (sturt), Tief (djip), Watt (waad), Wieke (wyk). Yn it East-Fryske gebiet komme ek Bäke en Bitze foar. Dat binne beide oantsjuttings foar *beek*. Dat wurd kenne wy ek yn it Nijfrysk, mar it liket dúdlik om in yn resinte tiden ymportearre wurd te gean. Yn de inkelde gefallen dat eartiids al in Frysk plak nei in

[1] Van der Molen 1957, 25.

[2] Kalma 1949, 57.

beek neamd is, is de namme hjoed-de-dei *Beets.* Yn de beide East-Fryske gefallen moat de foarkar jûn wurde oan *beets*.

De nammen fan lânstreken en kriten
Útstel: West-Friesland *West-Fryslân*; Drechterland *Drechterlân*; Geestmerambacht *Geastmerambacht*; Waterland *Wetterlân*; Hollands Kroon (gemeente) *Wieringerlân*; Flevoland *Flevolân*; Noordoostpolder *Suderleech*; Overijssel *Oerisel*; Drenthe *Drinte*; Noordenveld *Noarderfjild*; Groningen (provinsje) *Grinslân*; Langewold *Langewâld*; Vredewold *Fredewâld*; Humsterland *Humsterlân*; Gorecht *Goarjocht*; Hunzingo *Hunsingoa*; Fivelingo *Fivelingoa*; Veenkolonien *Feankoloanjes*; Oldambt *Âldamt*; Westerwolde *Westerwâld*; Emsland *Iemslân*; Krummhörn *Krûmherne*; Norderland *Noarderlân*; Saterland *Sealterlân*; Wangerland *Wangerlân*; Brokmerland *Broekmerlân*; Auricherland *Auerkerlân* Harlingerland *Harlingerlân*; Butjadingen *Bûtjadingen*; Rüstringen *Rjustringen*; Friesische Wehde *Fryske Wede*; Wesermarsch *Wezermersk*; Wührden *Wuerden*; Wursten *Wûrsten*.

De nammen fan de eilannen
Útstel: Nederlandse Waddeneilanden *West-Fryske eilannen*; Ostfriesische Inseln *East-Fryske eilannen*; Nordfriesische Inseln *Noard-Fryske eilannen*; Texel *Teksel*; Vlieland *Flylân*; Terschelling *Skylge*; Ameland *It Amelân*; Engelsmanplaat *De Kalkman*; Schiermonnikoog *Skiermuontseach*; Rottumeroog *Rottumereach*; Borkum *Boarkum*; Kachelotplate *Potfiskplaat*; Memmert *Memmert*; Juist *De Jist*; Norderney *Noardernij*; Baltrum *Baltrum*; Langeoog *Langeach*; Spiekeroog *Spikereach*; Wangerooge *Wangereach*; Minsener Oog *Minsenereach*; Mellum *Mellum*; Helgoland *Hilgelân*.

De nammen op it Waad
Útstel: de Waddenzee by Fryslân *It Waad*, by Grinslân en East-Fryslân *Heff* en by Noard-Fryslân *Heef*.

It westlike Waad: Vlie *Fly*; Eijerlandschegat *Aailânskegat*; Texelstroom *Tekselstream*; Keteldiep *Tsjetteldjip*; Inschot *Ynskoat*; Vlieter *Fliter*, Zuidoostrak *Súdeastrak*; Breewijd *Breewiid*; Schulpengat *Skulpegat*; Marsdiep *Marsdjip*; Malzwin *Mâlswin*; Amsteldiep *Amsteldjip*; Doove Balg *Dôve Balch*; Boontjes *Boantsjes*.

It Grinslanner Waad: Pieterburenwad *Piterbuorrenwaad (-heff)*; Andelbult *Andelbult*; Warffumerlaag *Warfumerleech*; Boschwad *Boskwaad (-heff)*; Horsbornzand *Hoarsboarnesân*; Mothoek *Motherne*, Hond *Hûn*.

It East-Fryske Waad: Randzel *Rânsel*; Kopersand *Kopersân*; Hamburgersand *Hamboargersân*; Schapezand *Skieppesân*; Schillplate *Skylplaat*; Schuitensand *Skûtesân*; Nordland *Noardlân*; Itzendorfplate *Ytsenterperplaat*; Juister Inselwatt *Jister Waad (Heff)*; Branderplate *Brânerplaat*; Hohes Riff *Hege Rif*; Ostermarscher Watt *Eastermersker Waad (Heff)*; Norderneyer Inselwatt *Noardernij-*



Kaart fan West-Fryslân en it *Wieringerlân*. Dy lêste namme is keazen yn it plak fan it mâle ´Hollands Kroon´.

er Waad (Heff); Neßmer Nacken *Nesmer Nekke*; Ruteplate *Rûdeplaat*; Stüners Plate *Stuners Plaat*; Hungatplate *Hûnegatplaat*; Neues Brack *Nije Brak*; Geise *Geise*.

De nammen fan rivieren, streamkes en marren
Útstel: Ahne (Ane), Dollard (Dollart), Ems (Iems); Osterems Easteriems; Flethe (Fliet), Flumm (Floem); Ahne *Ane*; Dollard *Dollart*; E(e)ms *Iems*; Flethe *Fliet*; Harle *Harle*; Hieve *Hive*; Jade *Jade*; Jümme *Jumme*; Lahe *Lahe*; Leda *Leda*; Ley *Leij*; Rendel *Rendel*; Soeste *Sûste*; Weser *Wezer*; Elbe *Elve*.

Literatuer

- Arfsten, Antje (bewurking): *Nordfriesland Karte.* Nordfriislon – Nordfrisland – Nordfriesland. Bräist 2012.
- Bach, Adolf: *Deutsche Namenkunde.* Band II. Heidelberg 1954.
- Beetstra, W.T.: *Toponimen en toponimyske eleminten yn Fryslân. In analytyske bibliografy ca. 1835-1980.* Ljouwert 1987.
- Berkel, G. van en K. Samplonius: *Nederlandse plaatsnamen, herkomst en historie.* Utert 2006.
- Buma, W. J.: *Vollständiges Wörterbuch zum westerlauwerschen Jus Municipale Frisonum.* Ljouwert 1996.
- Gildemacher, K.F.: *Friese plaatsnamen. Alle steden, dorpen en gehuchten.* Ljouwert 2007.
- Holander, R.K. en V.T. Jörgensen: *Nordfriesland Nordfriislon mit den friesischen Ortsnamen.* Bräist 1970.
- Hofmann, Dietrich en Anne Tjerk Popkema: *Altfriesisches Handwörterbuch.* Heidelberg 2008.
- Huisman, J.A.: 'Friese exoniemen'. *Fryske Nammen 6.* Ljouwert 1986.
- Huisman, K.: 'Eine Küstenkarte. Gedanken über Kartografie, Identität und Geschichte der friesischen Landschaften'. Yn: Harry Kunz, Fiete Pingel en Thomas Steensen (redaksje): *Die 'freien Friesen'. Geschichte und Perspektiven der Selbstverwaltung in den Frieslanden.* Nordfriisk Instituut, Bräist 2013.
- Kalma, J.J.: *Op de Hamrenwei.* Fryske Plaknammen II, 1949.
- Kramer, P.: *Lound un Noomen. Die saterfriesischen Orts- und Flurnamen in der Landschaft.* Bd. 1. Mildaam 1994.
- Molen, S.J. van der: 'Waad- en Noardsétoponymen, lykas de Skylgers dy optheden brûke'. *Fryske Plaknammen diel IX*, 1957.
- Orwig, Dafydd: *Yr Atlas Cymraeg.* Londen 1987.
- Remmers, A.: *Von Aaltukerei bis Zwischenmooren. Die Siedlungsnamen zwischen Dollart und Jade.* Lear 2004.
- Schmidt-Petersen, J.: *Die Orts- und Flurnamen Nordfrieslands.* Hüsem 1925.

* *Dit is it tredde part (diel III) fan Kerst Huisman syn bydrage ta de Frysktalige kartografy yn* Nij Frisia. *It foarste part (diel I) hat stien yn* Nij Frisia, *jrg. LXIV, nû. 1, maart 2015 (s. 19-23), it twadde part yn nû. 2, juny 2015 (s. 19-24). Yn dit tredde part (diel III) steane de nammen fan wetters, sânplaten en eilannen. Boppedat wurdt de brûkte literatuer ferantwurde. Yn in foljend nûmer komt noch in list mei Frysktalige plaknammen (diel IV).*



Kaart fan de Finske Bocht en omkriten, mei de Russyske stêd Piterboarch. Yn dizze Frysktalige ferzje is it Nederlânske 'Golf' (Finse Golf, Botnische Golf en Golf van Riga) ferfongen troch 'Bocht'. By de grutte Russyske en Estyske marren is it wurd 'mar' brûkt. Der is ek keazen foar it skriuwen fan de oe-klank op de troch ús brûkte wize. Der soe noch diskusjearre wurde kinne oft in inkelde namme ek noch net 'ferfryske' wurde kin, lykas 'Wyborg', dat ek *Wyboarch* wurde kinne soe.

Bodderstocht JFM grut sukses

Wolter Jetten

Sneon 30 maaie 2015 waard de alderearste 'Bodderstocht' *fan de 'Jongfryske Mienskip' holden. Nei it sympoasium 'Fryslân en de wrâld 2.0' wie de Bodderstocht in twadde aktiviteit yn dat jier om te betinken dat de Jongfryske beweging hûndert jier bestie (1915-2015). In jubileumjier dus.*

De *Bodderstocht* is in earbetoan oan bodders yn 'e Fryske striid. It bestjoer en ferskate leden wiene fan betinken dat der net genôch omtinken wie foar minsken dy't har de nekke útstutsen hiene en hawwe foar de Fryske saak. De tocht gong by ferskate wenhuzen, monuminten, grêven en oare bysûndere plakken del. Doel dêrfan wie om stil te stean by it libben en de dieden fan dy bysûndere minsken.

Bodderstocht

Yn it ramt fan it jubileumjier hawwe wy yn 't foarste plak omtinken jûn oan de bodders út de begjinjierren fan de *Jongfryske Mienskip*. Fan Fedde Schurer hawwe wy it stânbyld en syn kantoar sjoen op It Hearrenfean. Dêrnei hawwe wy it libben fan Douwe Kalma (1896-1953) folge. Fan it hûs yn Boksum (Heechpaed 2) nei it hûs út syn legere-skoallejierren yn Dearsum en fan it plak fan syn fataal ûngemak nei de tsjerke dêr't ôfskie fan him nommen is. De middeis hawwe wy by it grêf fan Eeltsje Boates Folkertsma (1893-1968) yn Ferwert west.

Wy hoopje dat wy eare dien hawwe oan dy trije mannen út de begjinjierren fan ús feriening. Wy fûnen 100 jier *Jongfryske Mienskip* dêr in moaie gelegenheid foar. Wy hawwe blommen dellein op it plak dêr't Kalma fan de fyts ôfriden waard troch in auto. Trije dagen letter stoar Kalma yn it sikehûs. It middeisiten hawwe wy symboalysk dien yn it Oranje Hotel. Ûnderweis nei it Oranje Hotel ta koene wy it âlde *Mienskipshûs* sjen. Oan de efterkant fan it hotel binne hjoed-de-dei noch in stikmannich romten foar gearkomsten. Yn ien fan dy romten spriek Kalma hûndert jier lyn syn romrofte rede 'Fryslân en de Wrâld' út.

De dei waard mei in gleske bearenburch ôfsletten ûnder it 'Timpeltsje op 'e Seedyk' by Marrum. Dat plak wie keazen omdat Kalma syn jiske fan it Amelanner strân ôf yn see útstruid wie. Fan de seedyk ôf hiene wy prachtich sicht op dat moaie eilân. It wie in gaadlike gelegenheid om dêr it glês te heffen op it fiersicht fan Kalma: *Fryslân en de Wrâld*. Nei de heildronk gong in part fan de ploech noch nei Bitgum en Sint Jabik om ûnder oaren eare te bewizen oan Klaas Abe Kamstra (thús) en Doekele Brouwer (grêf; eardere pleats). De earste bodderstocht wie in grut sukses. Wa wit wie dit it begjin fan in nije tradysje. Troch ferskillende dielnimmers waarden yn elts gefal tige nijsgjirrige ideeën oppenearre.

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 novimber.

Samlers: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij, *abma.g@upcmail.nl* Fêste meiwurkers: dr. Bertus Jans Postma, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en Rommert Tjeerdsma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Einredaksje
dr. Gerben Abma (haadsamler)
Plantage Doklaan 13
1018 CM AMSTERDAM.

E-post
abma.g@upcmail.nl

Postadres
Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN.

Webstek
www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres
jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken
NL92 INGB 0001 0695 35
op namme fan:
Jongfryske Mienskip, It Hearrenfean

Jongfryske sekte?

Bertus Jans Postma

In sekte is in 'in godstsjinstige groep dy't op beskate punten ôfwykt fan 'e oarspronklike rjochting dêr't er út fuortkommen is'. En in oanhinger, lid fan in sekte, is in sektariër (Duijff & Van der Kuip, *Frysk Hânwurdboek*, Ljouwert 2008). Foar de *Dwers*-skriuwer is de *Jongfryske Mienskip* de 'Jongfryske sekte' (LC, 17 april 2015). De godstsjinst fan de JFM beneamt er oars net, likemin as de punten dêr't de sekte him op ûnderskiedt fan syn oarsprong.

De *Nij Frisia*-skriuwers soene gjin jonge Friezen mear wêze neffens de *Dwers*-skriuwer. Hy giet op 'e bûtenkant ôf, wol ik leauwe. Ei! De, wat fersutere, bûtenkant seit fansels it binnenwurk net. De Turkmeenske presidint Niyazov hie yn 2002 feroardere dat de jeld yn in minskelibben by 85 jier begjint. Tusken 49-61 jier is in minske yn de 'profetyske faze', de jierren nei it 61ste binne de 'besieljende jierren' (FD, 15 augustus 2002). Koartby, 24 april, wie it wer lintsjedei. Oranje-Nassau krige der 74 leden en 6 ridders by. Dy wiene trochinoar hast 69. Kening Willem hie de âlderein – âlder as dy 69 jier – beleaven net ôfskreaun (LC, 25 april 2015). Foar de presidint fan Turkmeenje en de kening fan it Keninkryk Rânestêd Hollân mei syn Wen- en Stoartgewesten binne de jierren fan mannich *Nij Frisia*-skriuwer de minste net.[3]

Guon fan 'e Jongfriezen hawwe de Nederlânske nasjonaliteit ôfsward. Neffens ús Dwers-skriuwer makke 'dat fan de JFM in sekte dy't har bûten de wurklikheid pleatst'.[4] En fan dy wurklikheid joech er in priuwke: it politike spul oan de Twiebaksmerk soe luzen hawwe. Op 7 april krigen FNP-leden fan har steatefraksje berjocht dat it, oars as syn bedoeling west hie, wol op in kolleezje fan CDA, VVD, SP en FNP útdraaie soe. De oaremoarns haw ik weromskreaun: 'It nijs al lêzen fansels. De pest yn. Dat Sanderke sil net safolle foar ús oer hawwe as ús Jannewytske. It stie ek yn 'e krante dat ienris de rekken fereffene wurde sil.'

Bitgummole, 26 april 2015

[3]Rûnom te wrâld binne lju dêr't it alderjongste ôf is, noch withoe warber. Út myn foarrie neam ik hjir in hantsjefol: 1. Hindrik Post fan Urk, nei 33 jier riedslidmaatskip jitris op 'e kandidatelist. Hy wie doe al/noch mar 87 (LC, 1 novimber 2001); 2. Giorgio Napolitano, as man fan 87 fannijs as presidint fan Itaalje keazen (LC, 22 april 2013); 3. Cort van der Linden, lid fan de Steatsrie doe't er al/noch mar 88 wie (LC, 25 maart 2002); 4. Margaretha van Loo-Tettelaar fan Rotterdam, as frou fan 98 op 'e PvdA-kandidatelist foar de riedsferkiezings (LC, 12 febrewaris 2002); 5. Strom Thurmond, de âldste senator fan Amearika wie 99, doe't er yn 2002 dien naam (FD, 26 septimber 2002). Frou Van Loo en Thurmond, hiene yn Turkmenistan by dekreet fan Niyazov yn de faze Oğuzhan libbe. Dy begjint by 97 en is neamd nei de stifter fan de Turkmeenske naasje.

[4]Fjouwer JFM-leden soene fan de feriening in, ek noch wat aparte, sekte makke hawwe. Dêr kin 'k net rjocht by, ek net mei it boppeneamde Akademywurdboek derby. Yn de Hollânske 'Van Dale' is it begryp 'sekte' wat algemiener beskreaun, net beheind ta in ôfspliste, *godstsjinstige* groep. Mar dêrneffens soe dan noch it fjouwermanskip séls in út de JFM fuortkommen sekte wêze, en net de híéle feriening. De fragen binne, hokfoar definysje fan it begryp 'sekte' hâldt de *Dwers*-skriuwer derop nei én wêr hat er dy fûn?

De Bodderstocht fan 30 maaie

Fan lofts boppe mei de klok mei:
– it byld fan Fedde Schurer op it Fean,
– roazen op it plak dêr't Douwe Kalma ferûngelokke is (ek de lytse foto midden lofts),
– it bertehûs fan Kalma yn Boksum,
– in heildronk yn it 'timpeltsje' op Kalma en alle *Jongfriezen* oan de ein fan de tocht (fan lofts nei rjochts: Sjoerd Groenhof, Wolter Jetten, Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter, Chris van Hes) (foto: makke troch in tafallige besiker).